



De Twirre



desimber 2024



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 41e jiergong nr. 4: desimber 2024. De Twirre is it fearnsjiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente. Kopij foar it kommende nûmer graach foar 15 febrewaris by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Siebe Hiemstra totzondag@gmail.com	till.	0546 - 840 484
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmntlo 18, 7161 KH Neede a.hoekstra1@lijbrandt.nl		06 33 69 49 32
Ponghâlder	Pier Bergsma pu.bergsma1944@gmail.com		0546 - 57 57 30
Leden	Grieteke van der Veer gpvdveer@gmail.com		074 - 291 8564 06 51 99 09 19
	Grietsje Posthumus grijshengelo@gmail.com		074 - 242 7217
	fakatuere		
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo lj.bonhof@gmail.com		

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 20 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Rekken-nûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

Fryske siswizen

- Fan âld en nij witte.
- Nije boeren, nije sleatten.
- Nije weinen kreakje altyd.
- Men moat gjin âlde skuon fuortsmite foar't men nije hat.
- Better in âld seil as in nije kloet.

Belangrike data

sneon 18 jan. Jiergearkomste yn Boarterstúngedebou Boswinkel. Beneluxlaan 50, Enschede. Ynrin: 13.30 oere. Nei it skoft komt Lieuwe Greidanus, hy fertoant de Fryske film “Hûnefretten”.

2025

In nij jier stiet foar de doar! It kritebestjoer en de redaksje fan de Twirre winksje alle leden en har neisten in goed, lokkich en sûn 2025 ta! Folle lok en seine!

Freonlik fersyk fan de ponghâlder

Wolle jim sa gau mooglik de kontribúsje oermeitsje op de bankrekken fan Freonen Fryske Kultuer: NL08 INGB 0004 2915 44? De kontribúsje is 20 euro foar ien persoan en 35 euro foar in pear. Alfêst tige betanke!

Pier Bergsma

(Krystkaart fan Toppenhuzen)



Ali nei it sikehûs? Wat no?

Op freed 8 novimber riden wy, nei in jierdeibesite, fan Hellendoarn nei hûs. Omdat Jan net mear rydt by tsjuster, siet ik achter it stjoer. Op in bepaald momint hie ik it idee dat ik in klap yn de nekke kri-ge. Dat fielde daliks net goed, mar ik koe wol trochride en dat slagge ek prima. Thús naam ik in pear pa-racetamol en gong op bêd. Nachts waard ik mislik en moast ik spuie. De oare deis like it wol ta te fal-len; ik hie in bytsje in stive nekke. Mar de nacht dêrnei krige ik it ge-foel as soe myn holle útelkoar knappe. Sneintemoarn nei de spoedpost yn it sikehûs fan Henge-lo. De dokter dêr tocht oan in fira-le ynfeksje. Soe mei in pear dagen wol better gean, mar dat wie net sa. Dus wer nei dokter. Dy stjoerde ús troch nei de neurolooch yn Alme-lo, dêr't se deabenaud wiene foar

in firale ynfeksje i.f.m. besmet-tingsgefaar. It koe ek in baktéry wêze. Ik waard opnommen yn it Almelose sikehûs. Nei allerhande ûndersiken wie de útslach: in lytse blieding ûnder yn de achterholle by de harsenstamme.

Earst kalm oan en self oanfiele wat kin. Pineholle moat stadichoan ferdwine. It nuvere is dat myn ge-fal net past yn it plaatsje fan in har-senblieding. Ik ha gjin útfal, en ik koe myn ferhaal goed fertelle en alle testen wiene goed.

It liket derop dat ik der goed foar wei kommen bin, mar it is fansels wol in goeie warskôging! En dat betsjut dat ik besletten ha om mei in oantal fan myn aktiviteiten te stopjen. Ik hâld ek op as redaksje fan de Twirre, hoe 't it ek komt mei de krite. Wol spitich, mar it is no net oars. □ Ali

Oer in iisbear (út "De bisteboel fan Hoatse" fan H.J. Kleefstra)

*'t Wie winter, elk hie redens ûnder.
In iisbear tocht: ik kin 't wol sûnder.
Hy die in slach, mar 't needlot wonk;
dêr knoffle'r del en briek in skonk.
Nei jierren frege 'n pelikaan:
't Is treflik iis, net op de baan?
Lilk andre hy: "Nee, bist net wiis;
ik jou my net wer op glêd iis!"*



Jiergearkomste op sneon 18 jannewaris

Alle leden wurde útnoege foar de jiergearkomste op sneon 18 jannewaris om 14.00 oere yn it boarterstúnggebou Boswinkel Beneluxlaan 50 yn Enschede. Ynrin: 13.30 oere. Der is in soad te bepraten. It ferslach en de sinteraasje fan it ôfrûne jier. En dan hawwe wy de bestjoersferkiezing en de plannen foar it kommende jier en de fierdere takomst fan de krite.

Hûnefretten

Nei it skoft fertoant Lieuwe Greidanus de Fryske film “*Hûnefretten!*”. Wêrom moat ik altyd myn iten opite? Lieuwe Greidanus hat as hobby it meitsjen fan films. Dizze film hat er makke oer in âlde tradysje yn it westen fan Fryslân it saneamde “Hûnefretten”, wêrby’t bern, dy’t om wat foar reden dan ek, har waarm iten nei opite koene of woene, straft waarden troch oer it iten yochert of groattenbrij te jitten. Se moasten dan sitten bliuwe oant de panne leech wie. It is in Fryske film, dêr’t it boerelibben fan eartiids yn te sjen is. It jout in protte werkenning fan gewoantes út it ferline. It lit it ferskil sjen tusken de libbenswearde fan it iten fan eartiids en no. Oant sjen op 18 jannewaris. □ It bestjoer

Grutte need

Op ús jiergearkomste moatte wy in wichtich probleem besprekke. It spilet al langere tiid. De minsken fan ús Fryske krite wurde âlder. Ek de minsken yn it bestjoer. Hja sitte dêr ek al fierstentelang. Mar wêr bliuwe nije bestjoersleden? Wy besykje op de jiergearkomste yn jannewaris opnij bestjoersleden te finen. Slagget dat net, dan moatte wy neitinke: Hoe fierder? Der binne al in hiel soad krites ophâlden. Is it mei ús krite ek sa fier? Jonge minsken krije wy net mear waarm foar de krite-aktiviteiten. Earder, rûn 1900, doe’t de krites

starten, wie de krite hiel wichtich, want Fryslân wie o sa fier fuort. Friezen koene net samar efkes nei it heitelân ta, dat wie in oantal dagen rinnen of reizgjen mei hynder en wein. No binne wy der mei de auto yn in oerke. Wy kinne no ek mei Fryslân belje, maile, appe, Fryske radio lústerje, Fryske tv sjen, Fryslân is folle tichterby kommen. Alles is sa oars wurden. Lústerje: wolle jimme sels, as ha jim kunde dy’t wol wat dwaan wol foar ús krite, lit it ús witte!! Want it is derop as derûnder foar ús Fryske krite. □ Siebe H. Hiemstra

Foarsittershammer

In skoftsjje lyn krige ik in email: in man hie by it opromjen fan de spullen fan syn heit op solder in hiel âlde foarsittershammer fun. Syn heit kaam út Aldegea en wie jierren direkteur fan it Almelse molkfabryk de Aco, en hy hie ek foarsitter west fan de Fryske Krite Almelo. Hy is stoarn yn 1976.

Op 'e hammer stiet: 7/12 1904

Joast Halbertsma Almelo 7/12 1924. My waard frege oft de Krite de hammer ha woe, en oars soe hy him by it Stedelijk Museum Almelo bringe.

Ik ha him sein dat ús krite ek gjin lang libben mear hat en dat hy him mar better by it museum bringe koe.

□ Siebe Hiemstra



Kritemiddei op 20 novimber yn Tweekelo

As ús leden nei Tweekelo gean, dan wie dat oant no ta altyd foar in tsjerketsjinst. Mar it tsjerkje liende him ek tige foar in optreden fan ús Fryske trûbadoer Adri de Boer. Syn moaie waarme stim kaam dêr ta syn rjocht yn in soad yn it Fryske fertaalde *evergreens*, sa as Yesterday (Justerjûn) en Que sera (it refrein mocht it publyk meisjonge). Fan syn eigen hân wie û.o. de Balade fan it Amelân en Skylge. Foarsitter Siebe Hiemstra koe in lytse 40 minsken wolkom hite, dy't oan it begjin it Fryske folksliet fol ynmoed songen ûnder lieding fan Adri. We krigen fan him in komplimentsje. Kearsen wiene foar de ruten set en bûten foel de earste snie fan dizze winter. Tige sfearfol allegearre: we hiene in moaie middei.

□ Eeke

Jan kriget gjin frij

Jan komt by de baas: "Ik woe nije wike graach twa dagen frij. De frou wol my mei hawwe nei skoanmem."

"Om 'e bliksem net, Jan. Ik kin dy net misse. Do krigest gjin frij! Niks derfan, dat kin neat wurde!"

"Danke wol, baas, ik wist wol dat Jo der begryp foar ha soene."

Dieet

Neffens dokter moat Froukje op dieet om't se te grou is. Dat lêste wol Froukje him ek noch net ûntstride. Sûnder foarbehâld jout se ta dat der wol wat ôf kin. "Ik ha al tsjin him sein, jo moatte net ferjitte dokter dat ik grut en foars bin. Dat weacht der yn sûnder dat men noch fan oerstallich prate kin. Dêrom wol 'k my mei it iten wol wat mije. Dat ha 'k tsjin him sein en dat doch ik ek. It falt net altyd ta om 't ik och sa lekker ite kin. Der moat ek wat yn fansels om byinoar te bliuwen. Ik yt my net sêd mear, dat kin 'k sizze. Ik soe wol mear meie, mar it ferstân moat foarop. It is wolris in toer, dat sil 'k jo sizze. Justerjûn hie 'k it brochje krekt op. In pear stikjes bôle, in stikje roggebrea en in aai. Dat wie alles, en doe wie dêr de fiskauto noch. Ik sei noch tsjin mysels, wat hoecht Jelke sa let by my lâns te kommen. Ik soe der ek net hinne. No ja, hoe giet dat. Jelke mar toeterje mei syn grutte autotoeter. Ik ha twa bakte skylfiskjes kocht. Ik hie ien op. Dy smakke dan wol sa alderhearlikst. Doe ha ik de oare ek noch mar opiten. It hie miskien net moatten. It wie al wer sa. Safolle sil 'k fan twa fisken ek wol net oankomme." Paulus Akkerman

Even puzelje

De oplossing fan de foarige kear wie: kastanje. Dan no wer in lytse kwis oer Fryske wurden. As jo de letters foar de goede betsjuttingen omsirkelje, dan foarmje dy fan boppen nei ûnderen in hiel gewoan wurd. Eeke

1. Nageltsjebeam =

- stambeam (*u*)
- beam mei stikels (*f*)
- beam mei pearse blommen (*w*)

2. It is in poepetoer =

- it is in dreech kerwei (*i*)
- it is smoarch wurk (*j*)
- it is min dien wurk (*k*)

3. Njonkenlytsen =

- hast wat te lyts (*l*)
- noait (*m*)
- stadichoan (*n*)

4. Skûlk =

- ôfdroegersdoek (*t*)
- skûlplak (*s*)
- skelk (*r*)

5. In snies aaien =

- 20 aaien (*e*)
- 30 aaien (*f*)
- 8 aaien (*g*)

6. Snurje =

- hurd waaie (*a*)
- stikem laitsje (*p*)
- iten lang sûntsjes siede litte (*r*)

Wintermoarn (Obe Postma)

*Us finsters op 't easten binne roazeread,
troch iisblommen skynt er de sinne;
"Hoera, no derút en nei 't iis,
No moat it wol hâlde kinne."*

*It skerpe wyntsje, fûl oer de snie,
Hoe hurd is de ierde beferzen!
Hoe klear en trochskinend it iis yn 'e grêft,
Troch it swart blinke flach-guod en gerzen.*

*De loft is klear en de sinne riist,
Blank lizze de fiere lânnen.
O, sjoch yn it easten dy poarperen pronk,
It ljochtskyn fan himelske strânnen.*

*En de wrâld is bol, in gouden seal
yn 'e priel fan 'e jonge dagen.
De swarte flier is hurd en glêd
Wat ea jong hert sa hage?*

*O it iis, it iis yn syn hearlikheid,
Fan fierens sjoch ik it blinken;
Kom mei, de seal is grut en rom,
Lit ús ris dy wille drinke.*

Sokken

Ik hie it der mei Theo de Jong oer. Ik sei: "Ik kin soms wol janke om dy âld rêch fan my, ik hie fannemoarn wol fiif minuten wurk om myn sokken oan te krijen."

"No ju, dat hoecht sa net. Douwe Yska docht syn sokken sels ek net oan en Goaitsen Spyksma ek net. Dat dogge de susters, mar ik wol dy net oan my ha te pielen. Nee, mar ik ha der wat oars op útfûn, al jierren ferlyn.

Ik doch se no jûns net mear út, dan hoech ik se moarns ek net mear oan te dwaan."

□ Jan Bouwhuis út: "De Trochreed"

Musical De Tocht fallyt

Alvestêdemusical De Tocht luts sûnt de premjêre op 1 oktober 2023 hast 300.000 besikers út hiel Nederlân. De foarstelling foel yn de prizen by de Musical Awards. Sa wûn De Tocht de publykspriis “*Beste Musical van Nederland*”. Yn Ljouwert waard spesjaal foar de spektakelmusical in nij teäter boud. Der lei in iisflieër fan 2.000 kante meter yn.

Der wiene fan de start ôf al finansjele problemen, sa skriuwt de organisaasje fan de musical. De kosten wiene behoarlik oer de begrutting hinne gien. Neffens de organisaasje hat eardere bestjoerder Hans Staal de Rie fan Kommissarissen en oandielhâlders oertsjûge dat de begrutting dy’t hy makke hie reël wie. De organisaasje stelt lykwols

dat dy begrutting net genôch oangepast wie oan de feroarjende merk en de coronaperioade.

Fan’t simmer is de boel fallyt gien. Der is in kurator oansteld dy’t it fallisemintproses begeliede sil. In soad minsken hienen fergees spullen liend oan de musical, mar doe’t se dat wer ophelje woenen, woe de kurator dat net ha. Der moast foar betelle wurde, dêr wiene de minsken net bliid mei. Eltsenien moast 50 of 100 euro betelje om harren persoanlike guod ophelje te meien, as boelbydrage foar de kurator. “Ik fyn it frjemd dat je betelje moatte om je eigen guod werom te krijen”, sa fynt Kleis Oenema. “Us guod hat nea ta de boel fan De Tocht heard.”

□ Oernommen fan Omrop Fryslân



(Kleis Oenema fan it partikuliere reedrydmuseum yn Jobbegea)

Ryksmuseum kocht seldsum natuerboek

It Ryksmuseum yn Amsterdam hat in earste druk kocht fan in seldsum natuerboek. Dêryn steane tekeningen fan Maria Sibylla Merian (1647 - 1717), dy't dêr nei alle gedachten yn Fryslân de earste stappen foar set hat. Eksimplaren fan it goed 300 jier âlde ynsekteboek komme hast noait op de merk. It R.M. hat twa ton betelle.

Maria Sibylla Merian waard berne yn Frankfurt am Main as dochter fan in keunstner en útjouwer. Al jong hie se belangstelling foar ynsekten, bygelyks foar de metamorfoaze fan rûpen ta flinters. Sy learde it tekenjen fan har styfheit. Yn 1675 kaam it earste boek fan Merian út, mei detaillearre tekeningen fan blommen. Dêrnei kaam noch folle mear natuerwurk. Hja troude mei in skilder, mar nei gedoch yn de famylje en ferskil yn geloof gie se yn 1685 by him wei.

Mei har dochter bedarre se yn Wiuwert, op de stins Walta State, eigendom fan Cornelis van Aerssen van Sommelsdijck, gûverneur fan Suriname. Walta State wie it plak dêr't de Labadisten sieten, in religieuze mienskip, dy't libbe nei de ideeën fan Jean de Labadie. Fan harren waard frege om harren wrâldske besit op te jaan oan de kommune en in houlik mei in persoan fan bûten waard net erkend. Hoewol't it meitsjen fan keunst eins ek net mocht, gie Merian troch mei it bestudearjen fan ynsekten en kaam yn 'e kunde mei de Su-

rinaamske natuer. De Labadisten hiene nammentlik in plantaazje yn Suriname, en guon planten en ynsekten dêrwei meinommen.

Yn dizze perioade moat Merian foar 't earst ynsekten út Suriname sjoen ha, flinters bygelyks.

Wierskynlik hat har dat ynspirearre tar in stúdzjereis nei Suriname (1699). Tidens dy reis die se ûndersyk en makke tekeneningen foar it boek *Metamorphosis*.



Marica en Chepe yn Vietnam

Op 1 april binne se ôfset, fanút Warkum. Op 'e fyts de wrâld om. Mei de Krystdagen wienen se yn Ho Chi Minh stêd, de hjoeddeiske namme fan Saigon yn Vietnam. Kilometerstân: 16.754 neffens Marica op Facebook. Fan Kazachstan binne se nei Mongolië fytst en doe mei it fleantúch nei Laos, en dan wer fytse, Laos, Hanoi en dan troch Vietnam nei it suden. Marica docht ferslach, www.facebook.com/marica.vandermeer



Snie (Atze Bosch)

*Snie komt wrimeljend en boartsjend
op de azem fan 'e wyn
wevet rêd foar berne-eagen
oer de wrâld in wyt gerdyn.*

*Snie driuwt fladderjend en stowend
grouwe flokken foar him út,
brokket glinsterige skobben,
tsjoent in listke om myn rût.*

*Snie dy't dûnzich fierder twirret,
leit syn weefsel och sa fyn
oer de grize grauwe ierde
as in breidsjurk fan satyn.*

*No leit alles hoeden wiske
ûnder 't winterske bewâld,
wûndermoaie wite wielde,
foar in bern in toverwrâld.*

Tresoar wol UNESCO-status foar hânskriften

De Richthofenkolleksje mei Aldfryske hânskriften moat mei in “*joint nomination*” op de list fan Ynternasjonaal Wrâlderfgoed fan Unesco. Dat wol Tresoar. De kolleksje bestiet út rjochttteksten dy’t skreaun binne yn it Aldfrysk, de taal dy’t se yn de Midsiuwen brûkten. Eartiids wie it eins de ienige Fryske skriuwtaal yn Fryslân, dat doe ek noch grutter wie. De Om-melanden en East-Fryslân wiene doe ek Frysktalich gebiet. De Friezen fan doe lieten hânskriften nei, in soad rjochttteksten. Hja wiene frij en drukten dat út troch harren rjocht yn harren eigen taal op te skriuwen. Net yn it Latyn, wat eins wenst wie yn dy tiid, mar yn it Frysk.

Tresoar siket no kontakt mei oare belangrike biblioteken û.o. yn Oxford en Parys om stipe te krijen foar de UNESCO-status. Der binne ek Aldfryske wetteksten boppe wetter kaam yn de Eastenrykse Nasjonale Biblio-teek yn Wenen. Lange tiid makken se diel út fan de priveekoleksje fan in eardere direkteur fan dy biblioteek. De teksten komme wierskynlik út it noardeasten fan it gebiet dat it hjoedeistige Fryslân is. □

Fryske boeken weismite(n)?

Nee, der binne yn novimber gjin Fryske boeken yn de papierkonte-ner belâne! Op 2 novimber is de helte fan it Fryske biblioteekje troch kriteleden by my thús ophel-le. De oare helte ha ik dochs noch meinommen nei de kritermiddei yn Twekkelo; dêr hat men ek noch rûchwei de helte fan mei nei hûs ta nommen. De rest wurdt troch trije minsken nei ferskillende kringloop-winkels hjir yn Twente brocht. Dus alle boeken kinne noch ien kear of mear kearen lêzen wurde! Ik hie sels noait oan in kringloop-winkel tocht en ik soe graach witte wolle oft dy boeken dêr wer fer-

kocht wurde... De 51,45 euro dy’t noch yn myn biblioteek tromke siet, ha ik oermakke nei ús pong-hâlder. En no gjin Fryske boeken mear op ús krite-gearkomsten mear? Dat leit no oan de leden sels! Ik stel foar, dat we in aparte tafel yn rjochtsje, wêr’t misken Fryske boeken en tydskriften oer Fryslân (bgl. Friesland Post, De Moanne) dellizze kinne. Literatuer en lektuer dy’t jo sels út ha en wol fuortjaan wolle. Oare kriteleden kinne dy fan fergees mei nei hûs nimme. Wat net troch in oar meinommen is, wol sels wer meinimme! □ Eeke de Boer

De nije 'baas' fan de Alvestêdetocht: Jan Bakker



De Alvestêdetocht krijt in nij gesicht: Jan Bakker (*lofts*). Hy sil ein 2025 it stokje oernimme fan Wiebe Wieling. Wieling hat tweintich jier foarsitter west, mar yn dy tiid wie der nea in Alvestêdetocht. Yn in ynterview by Omrop Fryslân is Jan Bakker optimistysk: “Wy hoopje fansels op sterk iis de kommende winter. Ik bin der fan oertsjûge dat it noch hieltyd kin. Yn 2012 wiene we hiel tichtby. En ferline jier hong der moannenlang in blok kjeld boppe Skandinavië. As de wyn doe oars stien hie, hie ne we hjir twa wike lang froast hân en dan kinne wy in Alvestêdetocht hâlde.” Jan Bakker is sels ek reedridder. Hy hat 15 jier lang maratonrider west en ek meidien oan de Alvestêdetocht fan 1997. Dêroer seit er: “Ik haw it genoegen hân om mei te dwaan oan de wedstriid

fan 1997. It wie tagelykertiid in geweldige dei én in djiptepunt. Oer dy dei kin ik samar in heal oere prate. Ik siet dy hiele winter by de earste tsien op de maraton, mar by de Alvestêdetocht einige ik as 20ste en dat wolle je net. It begûn al mei in pear kilometer drave yn de minskemassa by Ljouwert. Dat hie ik net traind, en dêrtroch hie ik al kramp doe’t ik it iis op stapte. Mar op it iis gie it bêst. Ik siet yn de kopgroep doe’t we yn it tsjuster de Luts oprieden en letter ferdwaalde ik hast yn it tsjuster. Doe’t ik losse moast, gie de groep even oerein om te sjen oft ik net fallen wie. Dat is foar my freonskip en solidariteit. Sa’n dei: it is hichtepunt en djiptepunt tagelyk. Alles sit der yn en je ferjitte it noait wer.” Jan Bakker is 62 jier en komt fan Wynjewâld. □

(advertinsje)



FRI
ESM
USE
UM

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgangspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres

Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in komplett oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

Yn 't bakhûs

Okkerdeis wie der in bestjoersgearkomste by Siebe thús. Siebe frege oft wy wisten hokker bak dat wie dy't by har yn de keamer stie: in swiere taps tarinnende ikehouten bak. Gjûn ien fan ús koe it betinke. It wie in trôge dy't yn de bakkerij fan syn pake brûkt waard om daai te kliemen. In gedichtsje fan de legere skoalle, sechsde klasse, skeat mij troch de holle.

□ Pier Bergsma

Yn 't Bakhûs

*Jan Brea-Sek, Jouke-Baas syn feint,
krekt thús fan in swiere tocht
troch kwitsich lân mei brea en stút,
teach fluch syn beide hoazzen út
en stapte yn de trôch.*

*Yn 't bakhûs stie in frjemde hear mei Jouke-Baas te praten,
dy seach dat oan en sei ferheard:*

« My tinkt sa feint, dit komt ferkeard.

Jo fuotten, 't is in minske griis, krij toch in tobbe en baai. »

*Menear, sei Jan, dêr bin ik op tsjin
want ik krij se ja nea net better skjûn
as krekt yn 't roggedaai.*



Resept

Peareltsjebrij

100 gram sûker; 60 gram groat; 60 gram rezinen; 60 gram droege abrikoazen; 60 gram prûmen; 6 dl wetter; 4 dl beisop; sitoenskiel en pypkaniel.

Groat, abrikoazen en prûmen in nacht te weak sette. De oare moarns sitoenskiel en pypkaniel derby en oan 'e soad bringe. Rezinen derby dwaan en trije kertier snurje litte. De lêste fiif minuten it beisop derby jitte en de sûker der goed troch reare.

□ Ald resept fan de Fryske spreukekalinder (krigen fan Eeke)

Tiden hawwe tiden

De tolhikke tusken Tsjalhuzum en Ysbrechtum, om 1930 hinne. Eartiids wienen der wol hûndert tolhuzen yn Fryslân, it begûn yn 'e Midsiuwen. Der moast oeral foar betelle wurde: ynfierrjochten, belestingen, de trochgong. Sawol stienen de tolhuzen oan diken as oan wetterwegen. In soad tolhuzen hienen een T-foarm, mei de útbou heaks op 'e wei, dan koenen je troch de sydruten it ferkear oankommen sjen.



Boekenijis

De reis fan it famke, Catharina en Hilleke Lautenbach. It ferhaal is in aventoerlik mearke dat in laits opropt en yn it moed taastet. Foar jong en âld en elkenien dy't fragen hat oer it doel fan de syktocht yn it libben. *Priis: 17,50*

De Neehoarn, yn it Frysk, Marc-Uwe Kling. Yn it Hearlike Herte-wâld wurdt in spoeperdepoeperige Ienhoarn berne. Hoewol't elkenien lilaleaf foar him is en hy oan ien wei fuorre wurdt mei geloksklaver, gedraacht dat bist him bepaald net ienhoarneftich. Hy seit op alles domwei nee en wurdt dêrtroch Neehoarn neamd. *Priis: 17,95*

Dat wie de plestiktiid, Gert-Jan Roebers. Yn de fiere takomst wurdt mei ferbazing sjoen nei de tiid dêr't wy no yn libje; de plestik-tiid, wêryn minsken nei in feestje plestik bestek fuortsmieten, bisten yn de problemen kamen troch it

plestik ôffal en fabrikanten mikro-plestik yn toskpoetsersguod dienen. *Priis: 21,90.*

Der is neat glêd te striken, biografy fan Trinus Riemersma, Doeke Sijens. Trinus Riemersma (1938 - 2011) kaam yn 1964 mei syn debút Fabryk, daliks foaroan te stean yn it Fryske literêre fermidden en dat is altyd sa bleaun. Hy waard ferneamd om syn fermogen ta polémyk en syn ferlet om hieltyd nije literêre eksperiminten oan te gean. *Priis: 35,00*

Ik rûk al aardich naar de skep, Leeuwarder spreekwoorden en gezegden, sammele troch Aartje Feikje Efdé - van der Wal en Ezra Efdé. *Priis: 15,00.*

Do bist de leafste, Hans en Monique Hagen. Dichtbondel, yn it Frysk fertaald út it Nederlânsk troch Eppie Dam. *Priis: 12,50.*

□ Ali

Impregneare

In jonkje rint mei de ko troch it doarp. Dûmny sjucht him en freget “Ha Jan, wêr sisto hinne mei dy ko?”

“Ik moat mei de ko nei de bolle, de ko moat impregneard wurde.”

“H’m,” tinkt dûmny en seit tsjin Jan: “Soa, is dat sa? Mar kin jim heit dat net better sels dwaan? Is dat dan net mear in putsje foar jim heit, soe’k tinke?”

“No dûmny,” seit Jan, “Ik tink toch dat de bolle it better kin.”

Witte jo dat.....

- Der dochts jild fan de regearing komt foar de ferbettering fan de fearferbining nei it Amelân? De fargeul slibbet hieltyd ticht en moat dan geregeld útbaggere wurde.
- De klompemakkers út Damwâld nominearre binne foar de Erfgoed-frijwilligerspriis? It team fan de klompmakkerij fan iepenloftmuseum De Sûkerij is út 'e skroeven.
- De rottepleach op Skylge bestriden wurdt troch de rotten dea te sjitten?
- Op 8 desimber yn Ljouwert betocht is dat de ferneamde Oerfal op de finzenis De Blokhúspoarte 80 jier lyn pleats fûn? By dy oerfal waarden 51 finzenen befrijd troch Fryske ferstetsstriders. Dit wie in ferneamde fersetsaksje út de twadde wrâldoarloch.
- De oerlêst fan damherten (daimen) op de Skoaterlânse wei sa grut is dat de provinsje yngripe wol? Yn koarten meie jagers yn de omkriten fan Ketlik en Oranjewâld daimen ôfsjitte. It ôfrûne jier wiene der al 33 oanridingen mei de herten op de dyk by Mildaam.
- Yn in greide by Wytmarsum in “Pommelkop” fûn is? Dat is in stik fan it hânfet fan in Fikingswurd út de 10de iuw. It is foar it earst dat yn Nederlân sa'n stik fûn is. De pommelkop is fûn troch in amateur.
- Wy efter op 'e Twirre wer in foto ha? De tsjerke is ôfbrutsen yn 1983. Wêr is it? De foarige kear it klif fan Aldemardum, by eb yn 'e Sudersee.



Clary juwelier en goudsmid
Borculoseweg 20, 7161 HA Neede
telefoon: 0545 - 291 596
clary@juweliergoudsmidclary.nl
www.juweliergoudsmidclary.nl



Fryske boek- en kadowinkel

Boterhoek 3, Ljouwert
(058) 234 30 70
ynfo@afuk.frl
websjop.afuk.frl



@/stichtingafuk f /stichtingafuk

Websjop 24/7 iepen!

afûk

Wolkom

Yn de Afûk Fryske boek- en kadowinkel fynst de moaiste boeken yn en oer it Frysk en Fryslân, mar ek in grut ferskaat oan oare produkten, lykas Fryske kreamkadootsjes, cd's en dvd's, sûveniers, aansichtkaarten en kado-artikels.



Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

